FRYSK BIDBOOK

IT FRYSK EIGENE EN DE PROEFTUN MEARTALIGENS

EN NO TEGEARRE TROCH!

Litte wy in kuier meitsje. Rin ris troch de grutste winkelstrjitte fan samar in Nederlânske stêd. Wat sjogge jo? In Zara, in H&M, in Bodyshop en hippe kofjetintsjes. It makket net út wêr't jo kuierje, oeral sjogge jo in unifoarm oanbod fan ideeën en guod. Dat jildt ek foar stêden yn Fryslân. Oan de iene kant meitsje wy dêrtroch diel út fan de mondiale merk en dat is moai! Tagelyk moatte wy wach wêze dat wy net ûnderdiel fan in grutte kulturele ienheidswoarst wurde. In monokultuer dy't in bedriging foarmje kin foar ferskaat.

Yn Fryslân hawwe wy goud yn hannen om dat fenomeen te wjerstean. Bygelyks it iennige noardlike ryks-Keramykmuseum Princessehof, of ferskuorrend lekkere Oranjekoeke, of de eigenwize goedhillichman Sint Pieter, mar boppe-al in eigen taal: it Frysk. It Frysk en de yn ús provinsje oanwêzige streektalen binne in essinsjeel ûnderdiel fan ús identiteit en ús kultuerhistoarysk besef.

Fansels is Fryslân folslein ûnderdiel fan We the North, mar wat de taal oanbelanget hat Fryslân in eigen juridyske status fanwegen it Frysk. Fryslân is yn Nederlân unyk fanwegen dy taal. Dêrmei jout Fryslân net allinne unisiteit oan it Noarden, mar ek oan Nederlân "as gehiel". It bestean fan it Frysk makket Nederlân ek riker.

Yn de jierren fyftich is nei in jierrenlange striid foar mear erkenning fan it Frysk yn Fryslân twatalich ûnderwiis ynfierd en waard it Frysk yn de rjochtspraak tastien. Troch de jierren hinne is hat it Frysk op hieltyd mear mêden in plak yn de wetjouwing krige. Úteinlik is alle wetjouwing yn 2014 gearfoege yn in wet Fryske taal. Dêryn is neist de ferankering fan de bysûndere wetlike status fan it Frysk ek de ûnderwiiswetjouwing feroare: Fryslân hat it offisjele foech oer it fak Frysk krige, lykas it útwurkjen en fêststellen fan de kearndoelen Frysk yn it ûnderwiis. Nederlân hat har fia it Europeeske Hânfêst foar Minderheidstalen bûn oan it beskermjen fan it Frysk. Ek binne de Friezen yn 2005 offisjeel erkend as iennige nasjonale minderheid yn Nederlân troch de ratifikaasje fan it Europeesk ramtferdrach foar nasjonale minderheden. Dêrmei is de ynstânhâlding en befoardering fan it Frysk net allinne in suver Fryske oangelegenheid, mar ek de direkte ferantwurdlikens fan Nederlân.

Dêrmei hat Fryslân unike ferantwurdlikheden, dy't oare provinsjes net hawwe. It is dan ek gjin wûnder dat wy oan taalbelied likefolle útjouwe as oan ús kultuerbelied: mei-inoar in bedrach fan € 35.741.300 yn 't jier. Dermei besteegje wy – mei Limboarch – yn Nederlân as provinsjes it measte jild oan kultuer.

Fryslân makket yn Europa diel út fan in netwurk mei mar leafst sa'n sechtich oare 'Fryslannen'; allegearre lytsere regio's mei elk harren eigen taal en unike situaasje oangeande meartaligens. Dy taalkomponint is ynteressant foar ús eigen ynwenners, foar it Noarden én foar Europa. Wy hawwe in soad ûnderfining mei it útdragen fan meartaligens yn de keunst en it ûnderwiis. Dy kennis en ûnderfining diele wy ek op Europeeske skaal. Krekt dy Europeeske diminsje makket ús keunst en kultuer riker, makket it spannend, ynteressant en weardefol. Lykas it Mercator ynstitút dat safolle konneksjes op Europeesk nivo hat mei bygelyks it Gaelic, Nynorsk, Bretonsk en it Welshk.

In oar wichtich ûnderskiedend punt is it feit dat wy fan't jier út namme fan Nederlân Kulturele Haadstêd fan Europa binne, nei Amsterdam yn 1987 en Rotterdam yn 2001. Fryslân is boppe harsels útstike en is klear foar de takomst mei in stevige 'legacy', dy't wy yn ús reguliere belied ferankerje.

Kultuerpartisipaasje stiet dêrby heech op de wurklist. Dat is lokkich yn hiel Nederlân it gefal, Fryslân is dêryn net unyk. Wat wol unyk is, is de manier wêrop't wy it dogge: de ferbining tusken amateur en professional, de ferbining tusken ûnderskate sektoaren, de ferbining tusken stêd en doarp én doarpen ûnderling, de ynbring fan kennis/netwurken fan oare plakken yn Nederlân en dêrbûten.

Dy ferbûnens fan de mienskip en in soad oare partijen foarmet it fûnemint ûnder it haadprogramma fan Ljouwert – Fryslân 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa (LF2018). Ûnderlizzende doelstelling fan LF2018 wie it fêstigingsklimaat te ferbetterjen troch de kulturele sektor sterker te meitsjen. Tûzenen minsken dy't der mei anneks wiene, hawwe in geweldige dynamyk op gong brocht. De echte krêft komt fan ûnderop fan minsken dy't harren eigen fermidden ta in better plak

meitsje wolle mei projekten en eveneminten. Mei as basis de karakteristiken fan Fryslân: it lânskip, de romte, it erfgoed, de mienskip en de taal. Altyd yn ferbining, bygelyks mei de wichtige tema's fan dizze tiid: duorsumens en leefberens. Mar ek yn ferbining mei de bewenners, de regio, it Noarden, Nederlân en it bûtenlân.

Yn 2008 moast men yn de Rânestêd útlizze wêrom't men yn Fryslân wenne. Bern koene de provinsje fan sylkamp, de âldere generaasje fan harren boat- en fytsfakânsje. Kultureel kaam Fryslân mar in bytsje yn de Uitagenda foar. Troch LF2018 hat Fryslân wjukken krige. Sa hellen wy fan 't jier in highscore by de Lonely Planet yn de top 3 ultime reisbestimmings yn Europa. Neffens de oardering fan The World's Most Cultural Cities is Amsterdan, ea ek kulturele haadstêd yn 1987, de meast kulturlele stêd yn 'e wrâld, mar hat Fryslân, neffens de Atlas voor Gemeenten mear kultureel oanbod de ynwenner. Ynwenners yn it Noarden fan ús lân genietsje is meast fan museums, poadiumkeunsten en konserten, neffens ûndersiker Robert Ponds.

Der is in enerzjy losmakke by tûzenen ynwenners, ûndernimmers, it maatskiplik en kultureel fjild dy't oer de provinsjegrinzen hinne giet. Út in fruchtbere humuslaach wei hawwe wy kreëarre, boarte en unike ûnderfinings opdien. Lykas in boer de grûn klear makket en siedzje moat om op it goede momint rispje te kinnen, sa is dit kulturele feestjier yn de Fryske grûn siedde en hat it woartelsjitten. No moat it trochgean mei groeien. Troch 2018 is it kulturele profyl fan Fryslân feroare. It blykt in unike hegedrukpanne te wêzen, dy't ús in soad kennis en ûnderfining oplevere hat, dy't wy graach hâlde, brûke, fernije en diele wolle.

Sietske Poepjes

Deputearre Kultuer & Taal, Fryslân

YN FRYSLÂN BEGÛNEN WY IN PROEFTÚN, WY NEAME IT LÂN FAN TAAL

Wy hawwe LF2018 mei beide hannen oangrepen om in suksesfolle oergong te meitsjen fan de 'Fryske blik' nei meartaligens. Yn it programma fan Kulturele Haadstêd is de ferbining makke mei ûnderwerpen dy't ûnderdiel fan it 'Frysk eigene' binne, mar yn de kontekst fan hjoed. Nei taalbewustwêzen en taalwille.

Anne Graswinckel (projektlieder edukaasje fan Lân fan taal): 'Taal is je identiteit. Taal is wie jij bent, in jouw omgeving. Dus altijd met de mensen om je heen. Micro in het gezin en meso met je omgeving en macro als wereldburger. Als je ervan uitgaat dat taal je expressiemiddel is, is niet iedereen dan meertalig? Naast je moedertaal spreek je immers non-verbaal, digi-taal, familietaal, misschien een kunsttaal zoals gi-taal. Of gebarentaal, braille, lichaamstaal, maar ook dans, muziek en straattaal. Laten we met taal spelen zodat taalplezier de regel wordt. Verwondering viert hoogtij!'

Troch dy oanpak binne grinzen sljochte. Taal wurdt net langer sjoen yn de kontekst fan belied, of de provinsje, mar yn de kontekst fan Nederlân, Europa en de wrâld. Dat dat wurdearre wurdt, docht bliken út de winsk om dy projekten te ferankerjen, ek yn de ûnderskate beliedslinen dy't op it stuit ûntwikkele wurde.

Taal-legacy LF2018

Troch LF2018 stiet Fryslân ynternasjonaal op 'e kaart. It artistike klimaat yn Fryslân is gâns ferbettere. Om netwurken te bestindigjen en nije makkers de mooglikheid te bieden harren te ûntwikkeljen, is de Europeeske opfetting yn belied fan grut belang. Grif omdat wy troch ús meartaligens op in tal tema's maklik de ferbining oer lânsgrinzen hinne fine. In soad fan ús ynstellings partisipearje yn ynternasjonale netwurken (lykas film, lokaasjeteater, popkultuer, literatuer, teater en erfgoed). Fryslân hat de ambysje om út te groeien ta ít kennis-, organisaasje- en publykssintrum foar meartaligens fan it Noarden, Nederlân én Europa.

Nij yntegraal Kultuerbelied 2021-2024

Op grûn fan alle ûntwikkelings, de resultaten fan LF2018 en de winsken/ideeën út it fjild wei, is in ûntwerp makke foar in nije struktuer foar kultuerbelied yn Fryslân. Mei wichtige útgongspunten as in transparante beoardieling op kwaliteit troch eksperts. Of fleksibele programmalinen, wêryn't keunst en kultuer oan maatskiplike opjeften bydrage kin (kultuer as middel). Sadwaande kin ek better oansletten wurde op de krêft, ynnovaasje, nij talint en ideeën fan it kulturele fjild. Dy útgongspunten betsjutte in oare rol fan de provinsje, nammentlik mear as partner fan it kulturele fjild en minder stjoerend. Boppe-al nij is de programmaline Taal & Identiteit, wêryn't taal, meartaligens en letteren as ien fan de funksjes yn de Fryske Keunstynfrastruktuer opnommen wurdt.

Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK)

Troch talen yn dy meartalige kontekst sjen te litten en oan te bieden, slút it oan by de deistige praktyk. Troch taal te ferbinen mei kultuer en erfgoed, foarmet taal in kaai ta dy gebieten en liedt taal ta mear begryp foar oare kultueren en wurdearring foar de eigen regio.

Kultueredukaasje mei Kwaliteit (KEK2)

Keppele oan it lanlik stimulearringsprogramma kultueredukaasje kiest Fryslân (as iennige provinsje yn Nederlân) foar in ferbining fan de kearndoelen keunstsinnige oriïntaasje en taal (meartaligens). Dat giet om de ûnderskate keunstdissiplinen, mar ek erfgoed. Identiteit en taal, kreative wurkfoarms mei in soad betsjutting binne ûnderdielen fan it programma. Ambysje is om ek it fuortset ûnderwiis, mbo en hbo der oanhâldend by te beheljen.

WAT WOLLE WY?

Taal is sûnder grinzen en alle talen binne gelyk. Wy profilearje ús nasjonaal en ynternasjonaal as ûnderfiningssaakkundige op it mêd fan meartaligens. Wy wolle de oanfierdersrol as ekspert fan eveneminten en produksjes op it mêd fan in talige kultuer hawwe.

Sssstt...!

hjir	**hier**	time is
flústeret	**fluistert**	whispering
de tiid	**de tijd**	here



WÊROM WOLLE WY DAT?

Talich-kultureler

As LF2018 ús ien ding dúdlik makke hat is it dat taal en erfgoed libje en op folle mear manieren ynset wurde kin as oant no ta dien wurdt. **Yn de proeftún Lân fan taal hawwe wy de kultuer taliger en de taal kultureler makke.** Dêryn is keazen foar in ynterdissiplinêre oanpak; ferbining fan taal mei wittenskip & kennis mei ûnderskate keunstdissiplinen.

It ferbinen fan taal mei oare dissiplinen makket dat taal in kaai foarmet yn it berikken fan nije publyksgroepen en ta mear begryp foar oare kultueren en wurdearring foar inoar's identiteit liedt. As wy it oer kultuer hawwe dan hawwe wy it ûnder oare oer identiteit, en as wy it oer identiteit hawwe dan binne taal en erfgoed dêr in wêzentlik ûnderdiel fan. Taal bringe, diele, helje, iepenstelle en iepenbrekke. Wêzentlik ûnderdiel wêze litte fan in **iepen mienskip**!

> Hilde Mulder (direkteur jeugdteaterskoalle 'n Meeuw): Er is geen andere regio in Nederland waar taal zo'n prominente rol speelt als in deze regio. Heel lang ging dit om behoud van de Fryske taal, maar nu is het gesprek breder ingezet. Taal kan onderdeel zijn van je identiteit, als communicatiemiddel, om je innerlijke wereld een stem te geven, dat zit in alle podiumkunsten. **Verhef taal naar de kunsten.**

Eigen ferhalen

Troch de programmearring fan LF2018 is de gearwurking tusken ús Mienskip, it bedriuwslibben, it ûnderwiis en de oerheid fuortsterke. As gefolch dêrfan binne gearwurkingsferbannen ûntstien, dy't ferrassende projekten en ynnovaasjes opsmite.

Elke stêd, regio en lân ken eigen rituelen. Minsken brûke en prate in eigen taal. Dêryn is elk unyk en tagelyk gelyk. Lykwols, mei de ûnderfinings dy't yn 2018 opdien binne troch de Fryske taal en eigenheid yn in meartalige kontekst te setten, hat Fryslân in 'unique selling point'.

LF2018 hat bewiisd dat fernijend, ferbinend en kreatyf mei taal en meartaligens omgean in soad opleveret. Dy keunst fan it ferlieden hat bydroegen oan fernijde grutskens en eigenheid, mar ek ienichheid en gelikensens. Earst ast witst wa'st sels bist, dan kinst de oar de hân jaan. Dy hân fol opdiene ûnderfining en ynspiraasje rikke wy út. Om te siedzjen en bloeie te litten.

> Ira Judkovskaja (artistyk lieder Tryater): 'De vraag is: hoe communiceer je? Hoe zet je de deuren open en bli jf je toch wat je bent? Het moet natuurlijk niet zo gaan waaien dat je alles kwijtraakt. Door met anderen te communiceren, word je bewuster van wie jij bent.'

EVIDENCE BASED

WÊR EN WAT ?

Nij markant besikerssintrum **Obe** as bliuwend poadium foar taal en literatuer, hiet yn septimber 2018 har 150.000ste besiker wolkom.

MeM ,de 'húskeamer'/livingroom of languages fan Lân fan taal. Yn MeM is taal 'the talking point'. Prate oer taal makket minsken bewust fan de rol fan taal yn harren libben. Yn MeM binne yn 2018 tûzenen fan dat soarte petearen fierd yn tsientallen ferskate talen: mei besikers, mei artysten, mei it dôve barpersoniel, tusken artysten ûnderling, tusken publyk en artysten, mei taal- en sosjaal-maatskiplike organisaasjes, skoallen, learlingen, stazjêres en ûndernimmers.

Mirjam Vellinga, (Afûk): 'It projekt MeM-Livingroom of Languages is fuortkommen út de ûnderfinings en netwurken dy't opboud binne nei oanlieding fan de gearwurking mei European Captital of Culture (EcoC) Donostia-San Sebastian yn Baskelân. Dy line wolle wy fuortsette en fersterkje rjochting ECoC Gaillimh-Galway 2020 yn Ierlân en dêrnei'

Libbensgrutte projeksjes op de Aldehou

Ljouwert wie de Aldehou te bryk en te ûnfolslein. Foar it Lân fan taal is de faak besongen en beskreaune toer perfekt, in dwers ikoan Op dy ideale eftergrûn binne yn 2018 fjouwer fideokeunstwurken libbensgrut projektearre, makke troch ferskate, ûnferwachte kombinaasjes fan (taal)keunstners as in dichter, rapper, skriuwer, of spoken word performer en in filmer/fideokeunstner.

Taalkaravaan

(muzyk)programma fol talen en ferhalen. It karavaan-motto: 'hjir wol ik wei, hjir wol ik altyd bliuwe'. As wrâldboarger wolst dy losmeitsje fan dyn fermidden, mar mei dyn memmetaal bliuwst altyd ferbûn mei it plak dêr'st weikomst. Dat sentimint komt werom yn de foarstellings, films, optredens en aktiviteiten fan de Taalkaravaan en wie ûnderdiel fan it Oranjewoudfestival, Oerol, Admiraliteitsdagen, Simmerdeis Drachten, Tall Ships Races Harns.

‘Bartelje’, boartsje mei tradysjes Kin in iuwenâlde, mar modernisearre en tige populêre Baskyske foarm fan ymprovisaasje-poëzy in nije Fryske foarm fan taalekspresje wurde? Wy tinke fan wol! In groepke Friezen, ferbûn mei Baskelân troch it Other Wordsproject en ECoC Donostia 2016 besiket de keunstfoarm yn Fryslân mei help fan de Basken bloeie te litten, ûnder de namme ‘Bartelje’. In knypeach nei it Fryske wurd ‘boartsje’ en it Ingelske ‘battle’. Yn 2018 binne der yn de Baskyske wike yn MeM workshops jûn en is in groep Fryske dichters/performers entûsjast rekke. Yn 2019 wurde de plannen fierder ûntwikkele.

Sichtberens Op in boartlike en byldzjende wize meitsje we it Frysk en meartaligens sichtber yn de iepenbiere romte De provinsje Fryslân spilet in wichtige rol by de sichtbere ymplemintaasje fan de taalwetjouwing. Keunstner Marten Winters en ûntwerper Aad van Altena hawwe in kreative foarm betocht om taal libje te litten mei rake teksten op sichtlokaasjes yn de haadstêd.

‘Sliependewei’ betsjut yn it Frysk ‘al sliepende’ mar ast it hiel letterlik nimst, dan kin der ek ‘sliepende wei’ stean. As de brêge iepen is, stiet it ferkear sil en kin de wei rêste.

‘Ja jonge nee juh!’ Spoedkursuske Liwwadders yn de publike romte. Om it Wilhelminaplein hinne steane in tal wichtige gebouwen, lykas de rjochtbank, it Fries Museum en hoarekagelegenheden. De teksten ferwize nei de funksjes dêrfan en dy fan it plein sels. It kin gean om in ferskil fan miening oer keunst, in rjochtsaak, in diskusje op it plein of yn in restaurant.

hylke post (foto jelle post)

HOE WOLLE WY DIT DWAAN?

1 TAALBOARTERSPLAK

Taal sûnder grinzen yn de kontekst fan kultuer, dêr't Fryslân de spil fan foarmet as gongmakker en stiper, mei potinsje en winsk om út te groeien ta ít kennis-, organisaasje- en publykssintrum fan meartaligens fan it Noarden, Nederlân én Europa. **Us regio hat in grutte rykdom oan taal, lânskip en erfgoed**, as delslach fan ús leeffermidden, ús skiednis en aktuele tema's. Wat der yn ús regio libbet, ferbine wy mei ús kultuer om in breder publyk te beheljen by maatskiplike tema's en diskusjes op it aljemint te bringen en in plak te jaan.

It Frysk en de yn ús regio oanwêzige streektalen, lykas it koartlyn erkende Nedersaksysk, binne in wichtich ûnderdiel fan ús identiteit en ús kultuerhistoarysk besef. Dat jout in ekstra diminsje oan ús kulturele rykdom en kennis oer taal. Mar wol yn ferbining mei al 'it oare'. Ús Angelsaksyske neef John Donne brocht it al perfekt ûnder wurden: no man is an island. Nimmen bedijt goed as er allinne stiet, net by steat him mei in oar te ferbinen. Sa is It Frysk net allinne nau oan it Nederlânsk besibbe, mar ek oan Ingelsk, Dútsk en oan it Nedersaksysk en oan dialekten as it Liwwaders, Biltsk, Stellingwerfsk en Hylpersk. Ek is de Fryske taal en kultuer nau besibbe mei ús We the North partners Grinslân en Drinte. Of oer de grins, mei de oare Friezen yn Dútslân en Denemarken.

It Taalboartersplak biedt **eksperimintearromte** oan skriuwers, dichters, muzikanten, teater- en filmmakkers en al dy oaren dy't troch taal fassinearre binne en dy't de betsjutting en belibbing fan taal fierder ûndersykje wolle.

Omdat taal yn in breder perspektyf sjoen en belibbe wurdt:
- as drager fan wa'st bist, wêr'st weikomst en wat ús bynt.
- as mear as prate en skriuwe. Bygelyks gebeartetaal, braille, lichemstaal, mar ek dûns, muzyk en strjittaal.
- as kaai nei in iepen mienskip.

Ynset is te kommen ta in fanselssprekkende meartalige ferteltradysje dêr't taalbewustwêzen en taalbelibbing troch fuortsterke wurde. Yn taal drukst dyn identiteit út.

Joris Hoebe (New Noardic Wave: Frysk film & media platform): 'Door de structuur van het Fryske landschap met haar terpen en afgelegen dorpen en gebieden, geloof ik dat het verhalen vertellen en daarmee ook taal een bijzondere evolutie heeft doorgemaakt in Fryslân. Het zit geworteld in ons collectief handelen. Dat zie je terug in lepenloftspullen waar mensen massaal aan meedoen en vooral als publiek naartoe gaan. Nu de technologie zich steeds meer ontwikkelt kunnen we nieuwe manieren vinden om onze verhalen te vertellen en bij een nieuw internationaal publiek te laten landen. Fryslân is wat mij betreft de ideale plek om dit verder te ontwikkelen en ons te profileren als 'storytelling' ecosysteem met opleidingen, incubators en broedplaatsen die dit voeden.'

2 MEI TAAL DE WRÂLD YN

Meartaligens is, op syn Angelsaksysk sein, in 'asset'. It is in middel en in teken fan kultureel en sosjaal bûchsum wêze. Wy hawwe de kennis en ûnderfining, mar mei-inoar oplûke is better, aardiger en wy berikke mear. Bygelyks troch kennis út te wikseljen oer de lânsgrinzen mei de Faroer-eilannen, de freonen út Baskelân, of de al útein sette útwikseling mei ús Gaellich cousins út Gallway CH2020, en sa it ûnderwiis en ús kennis en kultuer te ferbetterjen. Mar ek binnen de lânsgrinzen omdat wy fine dat elk plak, elk doarp, elke stêd, elke regio en elk lân in **taalboartersplak** fertsjinnet!

Ynset is om ús kennis, ideeën oer en ûnderfinings mei taalboartersplakken te dielen mei oare taalgebieten, ús kennis te ferrykjen en inoar oer en wer te ynspirearjen, sadat yn hiel Europa taalbewustwêzen en taalbelibbing op in boartlike manier fuortsterke wurde kin.

Wy sette primêr yn op de 14 partners, ferienige yn de NPLD én yn it netwurk fan âld-Kulturele Haadstêden, sadat meartaligens him net allinne yn meartalige regio's manifestearret, mar krekt ek yn regulier kultuerbelied fanselssprekkend wurdt. Alle stêden en regio's kenne mear talen. Alle minsken kenne mear talen. Mei ús ynset en ekspertize kinne wy 'minder sprutsen talen' nei in steviger maatskiplike posysje yn harren lân bringe, net allinne út de bestjoerlike kant wei, mar ek de ûnderwiiskundige en kulturele kant.

Yn it meartalige Europa fertsjinnet meartaligens in foaroansteand plak, krekt yn diskusjes oer identiteit en ienigens.

Krekt út ús regio wei sjogge wy kânsen om troch ús freedsume omgong mei meartaligens fan betsjutting foar Europa te wêzen. Dizze proeftún spilet dan ek net allinne op lanlike skaal, mar perfoarst ek op Europeeske skaal.

TALEN FAN EUROPA





MEI WA?



Lân fan taal is ûntstien út in gearwurking fan Afûk, Explore the North, Fryske Akademy, Gemeente Leeuwarden, Historisch Centrum Leeuwarden, Neushoorn, Omrop Fryslân, provinsje Fryslân, Rijksuniversiteit Groningen, Tresoar, Keunstwurk , Tryater en de dbieb. Der wurdt gearwurke mei in soad oare taal- en kultuerynstellings en -inisjativen.

Ûnder de namme Taalalliânsje hawwe wittenskip, belied en de praktyske útfiering harren ferienige, wêrtroch't in sterke taalynfrastruktuer ûntstien is. Om mei in fertsjintwurdiger fan ien fan de streektaalorganisaasjes te sprekken: Troch 'die Friezen' sitte alle streektaalorganisaasjes yn Nederlân mei-inoar om tafel om in mienskiplik programma te fersoargjen fol ynspirearjende nije produksjes, presintaasjes en aktiviteiten op it mêd fan taal en meartaligens.

De hjoeddeistige Taalalliânsjespilers:

- De **Fryske Akademy** rjochtet him op it wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, meartaligens en regionale skiednis, Sy jouwe boeken en taalhelpmiddels út en organisearje sympoasiums, lêzings en kongressen.
- **Mercator** Kenniscentrum foar Meartaligens fan de Fryske Akademy: spil fan in ynternasjonaal netwurk mei û.o. partners yn Aberystwyth (Wales), Barcelona (Kataloanje), Boedapest (Hongarije) en Stockholm (Sweden).
- Boppedat hat Mercator de krêften bondele mei **Rijksuniversiteit Groningen**, **Campus Fryslân**, Hegeskoallen, bedriuwslibben en maatskiplike partners om mei-inoar in ekstra ympuls te jaan oan Fryslân as kennissintrum fan meartaligens.
- **De Afûk** is de kennis- en projektorganisaasje foar de Fryske taal en kultuer mei in sterk provinsjaal, nasjonaal en ynternasjonaal netwurk op it mêd fan ûnderwiis, literatuer-, kultuer- en taalpromoasje.
- Network to Promote Linguistic Diversity (**NPLD**). It NPLD Bestjoer en belied op mêd fan minderheidstalen en meartaligens yn Europa wurdt droegen troch **14 regionale oerheden mei in minderheidstaal** (fan Baskelân en Bretanje oant Sweedstaligen yn Finlân) en 25 universiteiten en NGO's dy't op dat mêd wurkje.
- **Tresoar** is it Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum yn Ljouwert. Tresoar beheart in grutte wittenskiplike biblioteek, in kolleksje argiven fan en oer Fryslân en in grutte samling dokumintaasje en objekten oer de Fryske literatuer.
- **Historisch Centrum Leeuwarden** is it sintrum foar ynformaasje en aktiviteiten oangeande de skiednis fan de gemeente Ljouwert.
- Onderwiis en praktykûndersyk fan meartalich ûnderwiis yn ynternasjonaal perspektyf wurdt troch de **NHL Stenden hogeschool** realisearre op de fiif Pabo-lesplakken Ljouwert, Emmen (projekten mei buortalen Drintsk en Dútsk), Assen en Meppel. Dat bart yn de foarm fan in minor 'Meartaligens' en yn projekten lykas 'Mear kâns mei meartaligens', 'Gelike kânsen troch de meartalige Pabo'. Boppedat troch út de master Multilingualism fan de RUG.
- Fia it lanlike programma Kultueredukaasje mei Kwaliteit wurkje **Keunstwurk** en **Lân fan taal** oan in kwaliteitsslach én ferbining tusken taal- en kultueronderwiis.

WAT

WOLLE WY YN 2019 EN 2020 YN DE PROEFTÚN DWAAN?



Wat wy foar eagen hawwe is stap foar stap dy oanfiersposysje wier te meitsjen, troch:

- de besteande alliânsje te ferbreedzjen mei mear kulturele spilers
- de Taalalliânsje nei in noardlike skaal bringe troch taal- en kultuerspilers út it hiele noarden te ferbinen
- ynternasjonaal de gearwurking fuort te sterkjen mei de 14 partners yn de NPLD
- ynternasjonale programmearing stimulearjen mei it netwurk fan âld-Kulturele Haadstêden
- binnen de kultueredukaasje de trochrinnende linen taal en fertelwille del te lizzen by skoallen en keunstners.

Mei wa?

Omdat wy op noardlike skaal yn We the North gearwurkje, sette wy ticht by hûs útein. De Taalalliânsje wurdt yn Fryslân bliuwend fuortsterke troch kulturele spilers as Tryater omdat dat meartalige teaterselskip fan Fryslân mei oanbod foar jongerein likegoed as folwoeksenen mei in grutte ferantwurdlikens soarget foar heechkwalitative edukaasje, talintûntwikkeling, kennisbefoardering en profesjonalisearring yn de Fryske kontekst. Ek it Fryske jongereinteaterselskip 'n Meeuw boartet yn har produksjes fansels bewust mei taal.

Krekt as **Keunstwurk**, ekspertize- en advysorganisaasje foar kultueredukaasje, amateurkeunst en profesjonele keunst yn de provinsje Fryslân. Kultueredukaasje mei Kwaliteit (KEK2) is in wichtich en fernijend programma en ferbynt ûnderwiis mei taal-, keunst- en kulturele partners.

Ek wurkje wy gear yn **Explore the North**, in kultureel stedsfestival dat de histoaryske binnenstêd fan Ljouwert as poadium brûkt foar muzyk, literatuer, byldzjende keunst en mear. Dêrneist presintearret Explore the North as produksjehûs troch it hiele jier hinne (ko)produksjes, mei lokale partners likegoed as (ynter)nasjonale partners, mei as reade tried literatuer, taal en meartaligens.

Yn de kontekst fan We the North wolle wy yn 2019 en 2020 safolle mooglik noardlike taalorganisaasjes by dizze proeftún behelje om mei-inoar te ferkennen hoe't wy yn hiel Noard Nederlân taalbewustwêzen, taalbelibbing en sterkere ferbinings tusken taal en kultuer meitsje kinne. Wy sette yn 2019 útein mei in gearkomste dêr't neist de earder neamde Fryske taalorganisaasjes yn alle gefallen ek de neikommende organisaasjes yn partisipearje: Huis voor Groninger cultuur, Poëziepaleis SLAG, Huus van de Taol, st. REUR, NHL Stenden Emmen, Bureau Groninger Taal en Cultuur, RTV Drenthe en het Groninger forum/bibliotheek. Wy daagje dy taalynfrastruktuer út de ferbining mei it kulturele fjild te sykjen en sa mei-inoar

ta kulturele produksjes te kommen oant fier foarby de grinzen fan ús eigen regio. Soks bart yn Drinte ek al troch – foar de twadde kear op rige – it dielnimmen fan de winners fan it Drèents Liedtiesfestival, Isa Zwart en Melissa Meeuwisse, oan it ynternasjonale SUNS Europe.

Momintopname

Wat hjir beskreaun is, is allinne mar in momintopname. Alle dagen ûntwikkelje en leare wy oer ús taal-legacy. Al paadsljochtsjend ûntstiet de takomst en groeit de proeftún út ta in bestindich taalboartersplak!

> Bert Looper (direkteur fan Tresoar): 'It soe my net fernuverje dat der oer fyftich jier in dissertaasje leit dat yn 2018 definityf ôfrekkene is mei de Fryske identiteit fan de njoggentjinde iuw. Hoe't dy kultuer, de taal ensafuorthinne der út komt te sjen, dat witte we no noch net. Dat wurdt noch hiel spannend dus.'

Fotografie | Lân fan taal en Aad van Altena

FRYSK BIDBOOK

IT FRYSK EIGENE EN DE PROEFTUN MEARTALIGENS

Leeuwarden Fryslân 2018

Culturele Hoofdstad van Europa